



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël of oaren oer Jezus. Hjoed reizgje se mei Daniël op ien fan syn kamielen werom nei hûs ta.

In bline man Lukas 18, 35-43

“Ik haw alhiel nei Jericho west”, fertelde Daniël, doe’t er moarns oankaam.

“Wat is dêr yn Jericho, Daniel?” frege Sara.

“It is dêr hiel drok. In soad keaplju komme der foar hannel.”

“Hasto dizze kamielen dêr ek kocht?” frege Simon.

Daniël knikte.

Wat wie Simon grutsk op syn broer. Hy woe letter ek keapman wurde.

“Witte jim wat ik dêr sjoen ha?” frege Daniël.

Sara en Simon seagen him oan...

“Ik haw sjoen dat Jezus in bline man better makke!”

“Blyn?” frege Sara. Se knypte de eagen stief ticht en swaaide mei de earms.

“Pas mar op! Aanst falst”, warskôge Daniël. “Harkje, ik sil jim deroer fertelle.”

It wie altyd tsjuster om him hinne. As er moarns wekker waard, hope er dat it oars wêze soe. Dan die er de eagen iepen, mar der feroare neat. It bleau tsjuster!

De man wie blyn. Syn libben wie ien lange nacht. Harkje koe er wol. Beter sels as alle oare minsken dy’t wol sjen koene.

De bline man siet oan ’e kant fan ’e wei. Sa no en dan stuts er de hân út. Dan holden de fuotstappen efkes stil... Wat wie er bliid as der in munt yn syn hân rôle. Dan koe er wer iten keapje.

Grutte, swiere fuotstappen kamen foarby. Mar ek lichte fuotstapkes fan bern. It wie drokker as oars. Der waard bot praat en lake. Soe der wat bysûnders te dwaan wêze?

Wacht, dêr wie syn freon. De bline man hearde it oan de stap en frege: "Sis Josja, wêrom is it hjoed sa drok?"

"Jezus fan Nazaret komt deroan", antwurde Josja koart. Hy hie gjin tiid om efkes by syn bline freon sitten te gean.

Jezus fan Nazaret? Hie de man it wol goed heard? Hy rekke alhiel oerstuer. Wylst er him fêsthold oan 'e beam, kaam er oerein. Hy rôp sa lûd as er koe: "Jezus, Soan fan David, haw meilijen mei my!"

De man dy't njonken him stie, stjitte him oan en sei: "Hâld dy stil, bidder."

In frou snaude: "Hoe doarst!"

Mar de bline man steurde him der net oan en rôp no noch lûder: "Jezus, Soan fan David, haw meilijen mei my!" Dit wie de kâns fan syn libben.

Jezus bleau stean en frege guon minsken om de man by Him te bringen. Hy seach de man oan en frege: "Wat kin ik foar dy dwaan?"

Dêr hoegde de man net lang oer nei te tinken. "Ik wol sa graach wer sjen, Hear!" rôp er alhiel oerstjoer.

Doe sei Jezus tsjin him: "Dyn leauwen makket datsto wer sjen kinst!"

Nei't Jezus dat sei, wie de nacht fuort. En it waard ljocht!

De man wist net wat him oerkaam. Hy seach beammen, gers, de loft... alles wie nij foar him.

Tsjin de minsken om Him hinne sei Jezus: "Sa sjogge jim mar wer, as jim leauwe, kinne der hearlike dingen foarfalle."

Sara rôp bliid: "Dit is de dei..."

Simon folle Sara oan mei: "dat in bline man wer sjen kin."

Daniël sprong oerein en sei: "Kom gau! Jim soene my helpe om de kamielen noch wat wetter te jaan. Dan moatte we anst gau fuort."